



Oarder fan tsjinst 11 april 2021
Grutte Tsjerke

Belutsen Peaske

foargonger: dr. Oane Reitsma, Enschede

lektor: Minne Boelens

oargel: Auke de Boer

fluit: Janke Woudstra

sang: Janny de Boer, Marjan Dreves, Douwine Reitsma, Janny Reitsma

musyk foar de tsjinst

- *O Filii et Filiae*, út de Noëls fan Jean Francois Dandrieu (nei liet 620)

- *Allegro* út Sonate yn a, Georg Friedrich Händel (blokfluit en oargel)

Wolkom (âlderling)

Bemoediging, drompelgebed, groet

F.: Us helper is de Heare

A.: **dy't himel en ierde makke hat.**

F.: Omdat wy net leauwe eardat wy sjoen hawwe:

A.: **lepenje ús de eagen!**

F.: Kom ús troch tichte doarren temjitte en
toan ús de tekens fan jo heil.

A.: **Kom yn ús hert en kom ús benei.**

Halleluja!

F.: Genede en frede mei jim jûn wurde fan God ús Heit
en fan Jezus Kristus, de Hear.

A.: **Amen.**

psalm 118a

foarsang Myn God binn' Jo, Jo wol ik tankje,
myn God, heech wol ik fan Jo opjaan.
Ik sprek Jo út, ik neam jo namme,
sa wier as ik libje.

refrein **Myn God binn' Jo, Jo wol ik tankje,
sa wier as ik libje.**

foarsang Yn 'e benaudens rôp ik:
God. – En Hy joech my antwurd.
Hy hat my de romte jûn.
Hy komt as in freon foar my op.

refrein

foarsang Better te skûljen by God
as te fertrouwen op minsken
Better te skûlje by God
as te fertrouwen op macht.

refrein

foarsang Ik wie delsein, mar God stie my by
en help my op 'e fuotten.
Ik sil net stjerre, ik sil libje,
Hy heint my op.

refrein

foarsang Myn God binn' Jo, Jo wol ik tankje,
myn God, heech wol ik fan Jo opjaan.
Ik sprek Jo út, ik neam jo namme,
sa wier as ik libje.

refrein

Smeekbea

Glorialiet 117a

1 Loovje, o folken, God de Hear, wol Him it lofliet sjonge. Lit de fonteynen fan syn ear yn alle hert ûntspringe, want Hy dy't jimme roppen hat jout jim oan syn genede part, troch Kristus, hallelûja!	2 Hoe grut is syn barmhertichheid, Hy lit syn rike seine, syn wierheid, trou en leaflikheid oer alle minsken reine. Hy jout yn alle ivichheid syn leafde_en folle sillichheid, sjong dêrom hallelûja.
---	---

Gebed fan de snein

Jesaja 26, 1-13

liet 175

- 1 Wy hawwe in sterke stêd, / in stêd mei muorren en skânzen,
wy hawwe in sterke stêd, / in stêd mei foar elkenien kânsen,
fol dûnsjende bern en muzyk, / in stêd fan it keninkryk.
- 2 Wa wenje dêr yn dy stêd, / dy stêd fan 'e nije ierde?
In folk dat de Hear oanbidt / en ree is syn wil út te fieren.
O stedswachter, lit elk deryn / dy't heil by syn wurden fynt.
- 3 Fertrou op de Hear, fertrou, / wy wurde troch Him bewarre.
De fêsting op heechmoed boud / hat Hy net in gruzel fan sparre,
mar minsken dêr't nimmen om tocht, / dy rinne hjir yn it ljocht.
- 4 Rjochtfeardigen, hjir is_jim stêd, / stânfêstigen, hjir is jim sterkte.
In romte folslein nei_Gods hert, / syn lieding oan alles te merken;
de Hear dy't jim thúsbrocht lang lyn, / Hy lit de ferdrukten deryn.

Johannes 20, 19-31

liet 620, 1, 6, 7, 8, 9, 10, 11

- 1 Gods bern, ferstean wat Peaske seit: / de Hear fan heechste majesteit
is hjoed ferriisd mei hearlikeid. / Hallelûja.
- 6 Syn freonen kamen jûns wer gear, / en dêr ferskynde har de Hear,
dy't frede winske lyk alear. / Hallelûja.
- 7 't Berjocht waard ek oan Tomas dien, / dy't harke mar syn twivels hie
oft Jezus wier wol opstien wie. / Hallelûja.
- 8 'Sjoch, Tomas, myn fiif wûnen read, / myn hannen, fuotten, sjoch myn
lea, / do moastst My leauwe, wifkje nea.' / Hallelûja.
- 9 Hy seach fan spiker en fan spear / de groede_en twivele net mear,
mar stammere: 'Myn God en Hear!' / Hallelûja.

10 Gelokkich wa't gjin twivel ken, / dy't leaut, al mei it each net sjen,
dy bliuwt yn ivichheid Gods bern. / Hallelûja.

11 Wy fiere Peaske wer as nij: / mei al Gods skepsels sjonge wy
de gloarje fan syn hearskippij. / Hallelûja.

Preek

Oargel en fluit *Allegro út Sonate yn F, Johann Sebastian Bach*

Ymsameling fan de jeften

Gebedens

mei-inoar: Us Heit yn 'e himel, lit jo namme hillige wurde, lit jo keninkryk komme, lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel. Jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou ús ús skulden, sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe; en lit ús net yn fersiking komme, mar ferlos ús fan 'e kweade. Want jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen

slotliet 642, 1, 2, 3, 7, 8

1 Ik sis it elk dy't harkje wol, / dat Jezus opstien is,
ja, dat Hy by ús wêze wol / yn leechte en gemis.

2 Ik sis it om, en jong en âld / mei 't fierder drage hjoed,
oant oer de einen fan 'e wrâld / de moarntiid komt mei gloed.

3 No komt it einlings oan 'e dei: / de wrâld wurdt heitelân,
in libben dat ferburgen lei / ûntfange we_út syn hân.

7 No is 't dat elke goede died / net wei wurdt of ferknoeid,
want al ús wurken binne_as sied / dat hearlik iepenbloeit.

8 't Is feest omdat Hy by ús is / dy't grêf en dea fersloech
en dy't yn syn ferrizenis / alles nij oansjen joech.

Utstjoering en seine

musyk: *Allegro út 'Concerto del Signr. Tomaso Albinoni', Johann G. Walther*